

2023

JIERFERSLACH

WWW.VOGELWACHTWOMMELS.NL



OP SIDE 2 EN 3

Briedpearen

Snoekfiskjen

Finansjeel oersjoch

Beam-strânljippen

Ynsektenhotel

Broedsje + 1

Drone

BESTJOERSSAKEN

Yn 2023 hat **Sytze Piter Bras** plak nommen yn it bestjoer. Hy hast de donateurs yn syn behear en nimt dit oer fan Sietze Douma. Tidens de jierfergadering ha we Sietse Douma in moai ynsektenhotel jûn foar syn ynset de ôfrûne jierren. It oergean fan it donateursjild rinnen nei **automatyske ynkasso** is in moaie bijdrage fan him. It bestjoer is no wer moai kompleet met Erwin Posthumus, Pieter Groenveld, Jan Friso Bruinsma en Teade de Boer

Derneist bin ha we de **statuten** fêststeld op freed 13 oktober. Neidat we in ekstra ledenfergadering belein ha yn't foarjier, koenen de statuten paseare. Wer in stapke tichterby in goed organisearre bestjoer.

Finansjeel ha we bewust in jier yn de min draait. In pear jier ha we oppotten en dêrtroch yn 2023 in pear gruttere útjeften. We ha in bedrach ynfestearre yn it ferbetterjen fan de pompkes dy we ha. Derneist ha we van it RABO Clubsupportjild ynsektenhotels kocht.

Hjir stean ek in pear moaie bedragen tsjinoer fan in lid ha we in gift krigen fan €500,- en foar de pompkes in bedrach fan €3000,- fan it Dierenrampenfonds.

YNLIEDING

Na twee jaren die naast de vogels in het teken van jubileumactiviteiten stonden, dit jaar de focus weer volledig op de natuur. Nou ja, bijna dan. Samen met de bibliotheek Wommels werd er nog een verhalenavond georganiseerd. Verteller Gjalt de Groot nam het publiek mee met humoristische veldverhalen en Wytse Hospes omljste dit met muziek. Als straks het bankje nog aan de Slachte komt te staan met het gedicht van Elmar Kuiper, dan is het 75+1 jarig jubileum echt afgelopen. Of start dan al de voorbereiding voor het 100 jarig jubileum...

EARSTE LJIPAAIEN FAN 2023

- **Jan Weijer** hat it earste ljipaaï fan de fûgelwacht fûn op 20 maart 2023. Hjirmei hat hy no fiif kear it earste aai fan de wacht fûn, in unikum yn de Wommelser histoarje.
- By de jeugd fûn WommelseReinder **Jasper Huitema** sels it earste ljipaaï fan Fryslân fûn! Op 17 maart wie hy mei leermeester Gerard van Asselt yn't fjild en fûnen en jintsje.
- Gerard naam ek **Veerle Peters** mei it fjild yn, mei súkses. Yn it stik lân fan boer Symen Bouma fûnen sy in twake ljipaaïen op 23 maart.



Fûgelwacht Wommels e.o.
Sûnt 1946

BRIEDPEAREN 2023



31 Broedparen

Slechtste jaar in de historie van Vogelwacht Wommels e.o.



149 Broedparen

Vroege kuikens succesvol, late broedsels te veel last van de droge periode.

55 Broedparen

Door het natte voorjaar waren de ouders goed in conditie, hierdoor konden ze veel jongen groot brengen.



34 Broedparen

Stabiel en vooral veel zichtbaar rond de plekken waar water op het land gepompt wordt.

NEISOARCH FERSLACH

It begjin fan it foarjier wie wiet, de fûgels koene goed mei de bek de grûn yn om wjirms en emelten te krijen. Dêrtroch wiene se goed yn kondysje, dat is dan wer te sjen oan it momint dat de fûgels mei brieden begjinne. De skries hat noch nea earder sa betiid oan de lech west. Op ús webside stean grafykjes dy de trends en oantallen oer de jierren hinne dúdlik sjen litte. www.vogelwachtwommels.nl/weidevogels/trends-en-aantallen

De **ljip** hat ek dit jier mar wer in pear piken grut brocht. It foarjier wie earst wol wiet mar letter yn't jier wie it drûch en dan wurdt de grûn bonkehurd en fine de pykjies te min fretten. Op plakken wêr't de boeren wetter op it lân sette binne mear piken grut wurden dan op oare plakken.

De wiete start fan it foarjier soarge der foar dat de **skriezen** betiid oan de lech wienen. Ein maaie fleagen de earste piken al, meastal is dat pas yn de earste wike fan juny. De pearkes dy betiid wiene ha mear piken grut brocht als letter yn't jier. It begjin like dus hiel goed, mar healwei juny binne de ferwachtings nei beneden ta bijsteld.

De **strânljippen** hiene in goed jier mei in soad piken. Dit komt waarskynlik omdat de âlders yn goeie kondysje wienen. In strânljip fuorret syn piken, pykjies fan skriezen, ljippen en tsjirken moatte sels direkt fretten sykje. Fitte âlders ha dus de reden west foar in goed strânljip, en dat ek nochris yn't jier fan de strânljip.

Lykas de ôfrûne jierren docht de **tsjirk** it ek yn 2023 wer goed. De lytse en grutte wetterpompjen bin der in súksesfaktor yn. Rûn de lytse plassen rêde de tsjirkepiken harren snel en goed. Tidens it meannen ha we yn gearwurking mei de boeren in soad piken rêde kinnen, hulde!

SNOEFISKJEN

Kâld waar en troebel wetter, net de perfekte kombinaasje foar de snoekfiskers. Dochs in dikke tweintich bern en boaten. De grutse fisk wie foar Melle de Boer, in **snoekbear** fan 87 sentimeter. Nei ôfrin in rikke iel fan Wybren Bruinsma, in waarm hapke fan Nanne Dusselaar en in prachtich plakje op kamperplak Appelhof!



GREIDEFÛGELSAFARI YN BAAIUM

Dat klinkt toch wol hiel spannend, in safari yn Baaium en dat wie it ek. 12 maaie stapten der twa groepen yn de safaribus bij Boer **Marten de Jong**. Dizze boer melkt 175 kij en hat in soad lân spesjaal ynrochte foar greidefûgels. Heech wetterpeil is ien fan de súksesfaktoaren, dat ha we fernommen. Ridende troch it wiete lân moasten we ús goed beethâlde en de drek spatte ús om de earen.

It wie moai om te sjen dat it **boeren en neisoargers** wiene dy op dizze jûn mei west binne. Oanslutend op de safari stie der in borrel en in lekkere gehaktbal klear. In moaie jûn!



FINANSJEEL JIERFERSLACH 2023

Rabobank rinnende rekken 01/01/2023	8.826	Rabobank spaarrekken 01/01/2023	6.718
YNKOMSTEN		Bydragen jubileum yn 2023	
Kontribúsje	1.531	Utjeften jubileum 2023	4.000
BFWW	983	Rente	-3.115
RABO clubsupport	740		4
Gift troch lid	500	Rabobank spaarrekken 31/12/2023	7.607
Ferlotting ledenfergadering	225		
Untfangst út kas	104		
Inleg Snoekfiskjen	100		
Totaal	4.183		
UTJEFTEN		Kas	
Fûgels		Kas saldo 01/01/2023	104
Kontribúsje BFVW (3,50 x 280 leden)	-980	Oerboeking nei bankrekken	-104
Ferbettering greppelpompkes	-4497	Kas saldo 31/12/2023	-
Bijdrage B.F.V.W. febettering pompkes	3000		
Materiaal	-213		
30 m2 Agrarisch Natuurfonds	-225		
Lidmaatskip Vanellus	-60		
Lidmaatskip SOVON	-48		
Clubsupport : Insectenhotels	-978		
Snoekfiskjen	-420		
Eigen organisaasje			
Organisaasje	-8		
Webside Wommels.nl 2022	-25		
Webside Wommels.nl 2023	-25		
Diggelfjoer	-40		
Eigen webside Fûgelwacht	-150		
Notarisoksten i.f.m. nije statuten	-325		
Ledenfergadering, prizen ferlotting	-175		
Ofslútjûn neisoarch	-97		
Bankkosten	-288		
Totaal	-5.553		
Eins aldo dit jier	-1.370		
Rabobank rinnende rekken 31/12/2023	7.456		

YNSEKTEN HOTEL



BEAM-STRÂNLJIP BROEDSJE +1

In strânljip kin op de gekste plakken sitte, op it yndustryterrein, hie dizze beam-strânljip in hiel moai plakje fûn om te brieden. Foto fan Henk Bootsma.

Dit soe de skries miskyn helpe, in nêst mei fiif aaien. It is de fraach hoe folle piken der grut wurden binne.



DRONE

De drone is ek dit jier wer ynsetten om nêsten en piken te finen. Moarns as de sinne op komt begjinne de piloaten te fleanen.

